

# KRYPTOGRAM 200a

## Horizontaal:

1 Net foarstean is altiten ûngeunstich (10); 6 Perioade dy't by 1-1 begjint (4); 10 Rumoe fan stiennen (6); 11 Toanoanjouwend berop (8); 12 Sike út Wammert (4); 13 Funksje dêr't men opslach yn krijt (10); 15 Hja jouwe (gjin) rûntsjes mear (7); 18 Dêrtroch sil dizze puzel ferdwine (7); 19 Soldaatsjes binne der mei yn harren elemint (3); 20 As túnman hat er net ferlet fan soere rein (7); 21 Earn yn Epe (7); 24 Iendrachtige snobberij dy 't goed rint (10); 26 Laarje yn Boelensloane (4); 27 Ferkiezingspeiling (8); 28 It suertsje iet de bellefleur net yn Berlyn op (6); 29 De wiere wurdt fûn yn Limburch (4); 30 Pispylde dy 't oeral boppe-út stekt (10).

## Fertikaal:


2 It altruïsme-liet net op 'e Floralia hearre litte (7); 3 De slieper krijt waarm iten (7); 4 Stedsgrêft (5); 5 Swiere miljonêr (11); 7 Keunstkeunst (9); 8 Kreaze glêzewasker (9); 9 Jild en toskan (8); 14 It uterste fan Grinzers leit it

fierste út it sintrum (11); 15 Streaming sûnder foarfjochters (9); 16 Hurd reine troch de droechte? (9); 17 Gedrachsregels op in plakplaatsje (8); 22 Foarûndersyk nei wat der barde mei de demonstranten (7); 23 Stylfol ûlelear (7); 25 Oer de nekke gean yn de slûs (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 30 - 29 - 7 - 11 - 28 - 10 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 200a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 200a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **16 maart** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**



## Kryptogram 199a:

Plaknamme: **HARNS**

Winner Boekebon:

Wiepie Hiemstra, Warkum

LEEUWARDER COURANT

4-3-2023